

Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes  
o.f. drs. K.H. Ollongren  
Postbus 20011  
2500 EA DE HAACH

Ljouwert, 6 april 2021

Rju achte minister Ollongren,

Op fersyk fan it Ryk, en yn goed oerlis mei amtners fan it Ryk en de Provinsje Fryslân, hat DINGtiid de konseptrapportaazje fan it Ryk oangeande de ymplementaasje fan it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden (hjernei: Hânfêst) oer it skoft july 2019 – maart 2021, lykas oanlevere begjin maart 2021 (mei oanfolgings op 31 maart), bestudearre. DINGtiid is dêrby fersocht om te beoardieljen oft ynformaasje ûntbrekt, oft de rapportaazje feitlike ûnkrektheden befettet en oft der relevante oanfolgings fanút DINGtiid-aktiviteiten te melden binne.

Dizze brief befettet de wichtichste punten fan oanfolling of korreksje, te begjinnen mei guon haadlinen, fierderop yn dizze brief oanfolle mei konkrete korreksje- en oanfolgingsútstellen. Mear detaillearre oandachtspunten binne op amtlik nivo útwiksele.

### *Algemien*

Yn syn algemienheid jildt dat DINGtiid de rapportaazje wurdearret om syn folsleinens en syn hege mjitte fan feitlike korrektheid. Der is tige goed wurk levere yn de amtlike tarieding fan it stik.

Tagelyk mei dy wurdearring docht DINGtiid guon suggestjes. Foar de effektiviteit fan de rapportaazje, dy't ornearre is om de Ried fan Europa sa goed mooglik te ynformearjen oer de fuortgong fan de ymplementaasje fan it Hânfêst, fertsjinnet it neffens ús oanrikkemandaasje om:

- oeral dêr't dat kin yn de fuotnoaten te ferwizen nei offisjele stikken;
- dêrby berjochten yn de media net as sadanich te beskôgjen;
- oeral dêr't dat kin yn detail wer te jaan hokker partijen oft by projekten en inisjativen behelle binne;
- dêrby altiten ynsichtlik te meitsjen wat de kreative rol is fan de ryks- en/of provinsjale oerheid;
- oeral dêr't dat relevant is goed en konsistint dúdlik te meitsjen hokker ûntjouwings en/of ôfspraken oft jilde foar it primêr ûnderwiis (PU) en hokker foar it fuortset ûnderwiis (FU), om't dat maklik ta ferkearde ynterpretaasjes liedt;
- de taalbehearskingssifers wiidweidiger wer te jaan en djipdollender te tsjutten, bygelyks troch de mearjierrige trend fan de ôfrûne 15 jier ynsichtlik te meitsjen; dêr kin en wol de Fryske Akademy, as it ûndersyksynstitút fan de Fryske taal, grif goede tsjinsten by bewize.

POSTADRES

Westersingel 4  
Keamer 3.01  
8913 CK Ljouwert

ynfo@dingtiid.frl  
www.dingtiid.frl  
@dingtiid

Yn oanfolging op it boppesteande fersiket DINGtiid it Ryk om de oanrikkemandaasjes dy't DINGtiid dien hat op it mêd fan, benammen, de posysje fan de Underwiisynspeksje en de kennisynfrastruktuer fan it Frysk, op de relevante plakken en mei ferwizing nei de advizen, te werheljen yn dizze rapportaazje.

Yn it gefal fan it advys oer de posysje fan de Underwiisynspeksje is woliswier de einkonklúzje sekuer werjûn, likegoed soenen we it wurdearje as de rapportaazje guon fan de stypjende oanbefellings fermeldt.

Wat ús advysnotysje út 2020 oer de kennisynfrastruktuer fan it Frysk oanbelanget, is DINGtiid fan betinken dat de rapportaazje dy te sterk ûnderbeljochte lit en ûnfoldwaande yngiet op de konkrete oanrikkemandaasjes dy't DINGtid nei in lang en yngeand advystrajekt dien hat. We fersykje jo om wiidweidiger omtinken te jaan oan de oanbefellings, omreden fan de grutte ynfloed dy't in dynamyske kennisynfrastruktuer hat op de takomstkânsen fan it Frysk.

DINGtiid kin him fierder yn begjinsel fine yn jo stânpunt (lykas fermeld yn de rapportaazje by artikel 7.1.c) oangeande de (ûn)winsklikheid fan it belizzen fan de ferantwurdlikheid foar de Fryske taal en kultuer by ien ministearje.

Yn it ferfolch fan dizze brief freegje wy jo oandacht foar guon ûnkrrektheden dy't we oantroffen ha yn de konseptraappaazje, en stelle we guon oanfolgings út.

#### *Unkrrektheden*

Mei de kanttkening dat we omreden fan tiidsdruk net by steat wienen om de feitlikheid fan elts fan de ûndersteande konstataarrings te ûndersykjen, wiist DINGtiid derop:

- dat it kreker is om it te hawwen oer gemeenten dy't foldwaan moatte oan de Wet gebrûk Fryske taal as oer gemeenten binnen it Fryske taalgebiet (artikel 10);
- dat it kreker is om it oeral en altiten te hawwen oer de 'learstoel' yn stee fan de 'heechlearaar' Fryske taal- en letterkunde dêr't it de universitêre frisyk oanbelanget, om't de learstoel it ynstitút werjout en de heechlearaar de persoan;
- dat in 'Fryske saak' sûnder mear gjin goede term is en dat útlein wurde moat wat dêrmei bedoeld wurdt (artikel 9);
- dat it net krekt is om te stellen dat 'naar aanleiding van de uitkomsten van dit onderzoek [nei de rol fan it Frysk by gemeentlike weryndielings oant 2018, troch Mercator, yn opdracht fan DINGtiid, útbrocht yn 2018] extra is gelet op het taalbeleid bij de recentere herindelingen door organen zoals DINGtiid', om't de iennige weryndieling dy't sûnt noch offisjeel plakfûn hat (Noardeast-Fryslân, op 1/1/2019) efektyf al foar publikaasje fan it rapport ôfrûne wie en om't DINGtiid sûnt gjin spesjale oandacht oan sok taalbelied jûn hat.

#### *Oanfolgings*

Neist en ta spesifikaasje fan de oanfolgings dy't we hjirboppe al dien ha, advisearret DINGtiid om:

- yn de paragraaf 'Ontwikkelingen' by de aktuele tema's ek it rjocht te beneamen, en dêrby ek each te hawwen foar de wize dêr't it rjocht op ferdiskontearre is yn de notiidske BFTK;

- yn 7.i.h ynformaasje te jaan oer de publisearre plannen oangeande de master Frisistyk fan de Ryksuniversiteit Grins y.g.m. NHL Stenden Hegeskoalle, en oer de reaksjes dêrop;
- de rapportaazje oer Artikel 8 sub 'Hoger Onderwijs' net ôf te dwaan mei in ferwizing nei oare passaazjes yn de rapportaazje mar dêr relevante ûntjouwings yn byinoar te bringen;
- de rapportaazje oer Artikel 14 net ôf te dwaan mei in ferwizing nei oare passaazjes yn de rapportaazje mar dêr relevante ûntjouwings yn byinoar te bringen.

We kinne ús yntinke dat guon fan de niisneamde oandachtspunten faaks neiere taljochting nedich ha, dy't we yn dat gefal út soarte mei wille jouwe. DINGtiid sjocht der fierder nei út om op basis fan de úteinlike rapportaazje mei Ryk, provinsje en Ried fan Europa te bespegeljen op de ambysjes mei it Frysk foar de kommende perioade en de nije bestjoersôfspraak dy't yn dat skoft stal krije sil.

Mei freonlike groetnis,



Jan Koster  
Foarsitter DINGtiid

Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties  
t.a.v. drs. K.H. Ollongren  
Postbus 20011  
2500 EA DEN HAAG

Leeuwarden, 6 april 2021

Hooggeachte minister Ollongren,

Op verzoek van het Rijk, en in goed overleg met ambtenaren van het Rijk en de Provincie Fryslân, heeft DINGtiid de conceptrapportage van het Rijk ten aanzien van de implementatie van het Europees Handvest voor regionale talen of talen van minderheden (hierna Handvest) over de periode juli 2019 – maart 2021, als aangeleverd begin maart 2021 (met aanvullingen op 31 maart), bestudeerd. DINGtiid is daarbij verzocht om te beoordelen of er informatie ontbreekt, of de rapportage feitelijke onjuistheden bevat en of er relevante aanvullingen vanuit DINGtiid-activiteiten te melden zijn.

Deze brief bevat de belangrijkste punten van aanvulling of correctie, te beginnen met enkele hoofdlijnen, verderop in deze brief aangevuld met concrete correctie- en aanvullingsvoorstellen. Meer gedetailleerde aandachtspunten zijn op ambtelijk niveau gedeeld.

#### *Algemeen*

In zijn algemeenheid geldt dat DINGtiid de rapportage waardeert in zijn volledigheid en zijn hoge mate van feitelijke correctheid. Er is zeer goed werk geleverd in de ambtelijke voorbereiding van dit stuk.

Gepaard met deze waardering doet DINGtiid enkele suggesties. Voor de effectiviteit van de rapportage, die bedoeld is om de Raad van Europa zo goed mogelijk te informeren over de voortgang van de implementatie van het Handvest, verdient het ons inziens aanbeveling om:

- overall waar mogelijk in de voetnoten te verwijzen naar officiële stukken;
- daarbij berichten in de media niet als zodanig te beschouwen;
- overall waar mogelijk in detail weer te geven welke partijen bij projecten en initiatieven zijn betrokken;
- daarbij altijd inzichtelijk te maken wat de precieze rol is van de rijks- en/of provinciale overheid;
- overall waar relevant goed en consistent duidelijk te maken welke ontwikkelingen en/of afspraken voor het primair onderwijs (PO) gelden en welke voor het voortgezet onderwijs (VO), aangezien dit gemakkelijk tot verkeerde interpretaties leidt;
- de taalbeheersingscijfers uitgebreider weer te geven en diepgaander te duiden, bijvoorbeeld door de meerjarige trend van de afgelopen 15 jaar inzichtelijk te maken; hierbij kan en wil de Fryske Akademy, als hét onderzoeksinstituut van de Friese taal, ongetwijfeld goede diensten bewijzen.

In aanvulling op het bovenstaande verzoekt DINGtiid het Rijk om de aanbevelingen die DINGtiid heeft gedaan op het gebied van, vooral, de positie van de Onderwijsinspectie en de kennisinfrastructuur van het Fries, op de relevante plaatsen en met verwijzing naar de adviezen, te herhalen in deze rapportage. In het geval van het advies over de positie van de Onderwijsinspectie is weliswaar de eindconclusie juist weergegeven, evenwel zouden we het waarderen indien de rapportage enkele van de ondersteunende aanbevelingen vermeldt. Ten aanzien van onze adviesnotitie uit 2020 over de kennisinfrastructuur van het Fries is DINGtiid van mening dat de rapportage deze te sterk onderbelicht laat en onvoldoende ingaat op de concrete aanbevelingen die DINGtiid na een lang en intensief adviestraject heeft gedaan. We verzoeken u uitgebreider aandacht te geven aan de aanbevelingen, vanwege de grote invloed die een dynamische kennisinfrastructuur heeft op de toekomstkansen van het Fries.

Verder kan DINGtiid zich in beginsel vinden in uw standpunt (als vermeld in de rapportage bij artikel 7.1.c) ten aanzien van de (on)wenselijkheid van het beleggen van de verantwoordelijkheid voor de Friese taal en cultuur bij één ministerie.

In het vervolg van deze brief vragen we uw aandacht voor enkele onjuistheden die we aantreffen in de conceptrapportage, en stellen we een aantal aanvullingen voor.

#### *Onjuistheden*

Met de kanttekening dat we wegens tijdsdruk niet in staat waren om de feitelijkheid van ieder van de onderstaande constatering te onderzoeken, wijst DINGtiid erop:

- dat het juist is om te spreken over gemeenten die dienen te voldoen aan de Wet gebruik Friese taal dan over gemeenten binnen het Friese taalgebied (artikel 10);
- dat het juist is om te allen tijde te spreken over de 'leerstoel' in plaats van de 'hoogleraar' Friese taal- en letterkunde waar het de universitaire frisistiek betreft, aangezien de leerstoel het instituut weergeeft en de hoogleraar de persoon;
- dat 'een Friese zaak' zonder meer geen juiste term is en dat uitgelegd dient te worden wat daarmee bedoeld wordt (artikel 9);
- dat het onjuist is te stellen dat 'naar aanleiding van de uitkomsten van dit onderzoek [naar de rol van het Fries bij gemeentelijke herindelingen tot 2018, door Mercator, in opdracht van DINGtiid, uitgebracht in 2018] extra is gelet op het taalbeleid bij de recentere herindelingen door organen zoals DINGtiid', aangezien de enige herindeling die nadien nog officieel plaatsvond (Noordoost-Fryslân, per 1/1/2019), effectief al voor publicatie van het rapport was afgerond en aangezien DINGtiid sindsdien geen speciale aandacht aan zulk taalbeleid heeft gegeven.

#### *Aanvullingen*

Naast en ter specificatie van de aanvullingen die we hierboven reeds deden, adviseert DINGtiid om:

- in de paragraaf 'Ontwikkelingen' bij de actuele thema's ook het recht te benoemen, en daarbij ook oog te hebben voor de wijze waarop het recht in de huidige BFTK verdisconteerd is;

- in 7.i.h informatie te verstrekken over de gepubliceerde plannen rondom de master Frisistiek van Rijksuniversiteit Groningen i.s.m. NHL Stenden Hogeschool, en over de reacties daarop;
- de rapportage over Artikel 8 sub 'Hoger onderwijs' niet af te doen met een verwijzing naar andere passages in de rapportage maar aldaar revelante ontwikkelingen samen te brengen;
- de rapportage over Artikel 14 niet af te doen met een verwijzing naar andere passages in de rapportage maar aldaar revelante ontwikkelingen samen te brengen.

We kunnen ons voorstellen dat sommige van de genoemde aandachtspunten wellicht nadere toelichting vergen, die we in dat geval uiteraard met plezier verschaffen. DINGtiid ziet er verder naar uit om op basis van de uiteindelijke rapportage met Rijk, provincie en Raad van Europa te bespiegelen op de ambities met het Fries voor de komende periode en de nieuwe bestuursafpraak die in deze periode vorm zal krijgen.

Met vriendelijke groet,



Jan Koster  
Voorzitter DINGtiid